



FNP Wetterskipsprogram 2015-2019

5

‘Sûn wetter en droege fuotten’

10

Fêststeld

yn de Algemiene Ledegearkomste

15

fan de FNP op 13 desimber 2014

Ynhâld

	4. Gearfetting	
	5. 0. De 7 kearnwearden fan de FNP	
5		
	6. 1. It Wetterskipsbestjoer	
6	1.1 Gearwurkje foar alle ynwenners fan Fryslân	
	8. 2. De finânsjes	
10	8. 2.1 Maatskiplike kosten	
	8. 2.2 Goedkeapere alternativen foar djoere gemalen	
	8. 2.3 Solidêr meibetelje oan droege fuotten	
	8. 2.4 Finansjele problemen net in oar foar opdraaie litte	
	9. 2.5 Duorsum ûndernimme mei wetter	
15	9. 2.6 Drinkwetter as earste libbensbehoefte	
	11. 3. Kwantiteit: de wetterhúshâlding	
	11. 3.1 Maatwurk yn stee fan skaalfergrutting	
	11. 3.2 Mear romte foar wetter yn de polders en de boezem	
20	11. 3.3. Kwaliteit boppe gruttere peilfakken	
	11. 3.3.1 De plannen mei de Fryske greidhoeke	
	12. 3.3.2 Oare yntegrale projekten: Holwert oan See en de Ofslútdyk	
	12. 3.4 Ofstimming behear op de rekreaasje	
25	13. 4. Feiligens: droege fuotten	
	13. 4.1 Net ien yn Fryslân der kwa feiligens op efterút	
	13. 4.2 Gjinn ûnnedige peilferheging fan de Iselmar	
	14. 5. Kwaliteit: sûn wetter, natuer en lânbou	
30	14. 5.1 Duorsum wetterbehear: gearwurkje	
	14. 5.2 It djippe grûnwetter, de boaiemdelgong en it gefaar fan mynbou-aktiviteiten	
	14. 5.3 Miljeukwaliteit mei kringloop	
	14. 5.4 Rioelwetter skiede	
	15. 5.5 Natuer en lânskip kearnkwaliteit	
35	15. 5.6 Ekologyske haadstruktuer dien meitsje	
	15. 5.7 Fryslân greidefûgellân	
	16. 5.8 Feangreide en maatskiplike kosten	
	16. 5.9 Stipe foar de (sport) fiskerij	

Gearfetting

De FNP wol in bettere taakferdieling tusken de Provinsje, it Wetterskipsbestjoer en de gemeenten. It Wetterskip heart as tsjinstferliende organisaasje ticht by de boarger te stean, goed berikber en leechdrompelig. De FNP wol dat it Wetterskip syn wurk docht yn gearspraak mei boargers, boeren en bedriuwen en minder fan boppe-ôf. As oerheidsynstelling yn Fryslân heart dêr ek in fanselssprekkend plak foar it Frysk by.

De FNP stiet wol foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. Wy wolle mei sa leech mooglike maatskiplike kosten de wettertaken útfiere. De FNP giet foar it belied en it tadielen fan kosten by wetterkwaliteit en – kwantiteit út fan it prinsipe ‘de fersmoarger betellet’.

Finansjele tebeksetters lykas mei de ruilferkavelingsgemalen wol de FNP net de mienskip foar opdraaie litte. Wy binne dêrom tsjin gruttere peilfakken wêryn’t de belangen fan rekreaasje, natuer, kultuerhistoarje en lânskip wer ûnderstek dien wurde. Lykas no yn de plannen foar de Fryske greidhoeke. Us stribjen is dat de boeren yn Fryslân ek yn de takomst noch goed buorkje kinne, en tagelyk yn de wetterhúshâlding mear rjocht te dwaan oan de oare maatskiplike belangen dy’t der binne. Om genôch wetter fêst te hâlden moat der mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde en komme der mear oerrinpolders. De boeren krije foar dizze ‘griene en blauwe maatskiplike tsjinsten’ in fergoeding fan de oerheid.

Der is oan Fryslân tasein dat net ien der hjir kwa feiligens op efterút gean soe. Droege fuotten is in nasjonaal feiligheidsbelang, de oare provinsjes moatte dêroan solidêr meibetelje. Duorsum wetterbehear betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te’n koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem net skeind wurde meie. De FNP is dêrom tsjin gegriem mei CO2-opslach, skalygaswinning en opslach fan gemysk- of radio-aktyf ôffal yn de Fryske boaiem en nije gas- en sâltwinning.

Natuer yn Fryslân hat alles te krijen mei wetter. Dêrom hat it Wetterskip ek in ferantwurdlikheid foar de Fryske natuer. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak. It is wol dúdlik dat djipsteûntwettering en oare yntinsivearring fan it greidebehear, mei oarsaak binne fan de boaiemdelgong. Dêrom moat it grûnwetter nei in heger peil werom brocht wurde. Yn de djipste polders moat dêrom mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. Om de natuergebieten hinne wol de FNP peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen. De FNP wol jild frijmeitsje foar eksperiminten en skeaherstel. Dat jildt ek foar de skea troch pealrot.

Fanwege it belang fan de sportfiskers foar rekreaasje en ekonomy wolle wy de stipe fan it Wetterskip trochsette. It Wetterskip moat ek stean foar de útfiering fan it ‘draaiboek iiswille’.

7 Kernwaarden fan de FNP

Demokrasjy: De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

- 5 **Federalisme:** De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

10 **Ynternasjonalisme:** De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

Taal en kultuer: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Bildts en it Stellingwerfs.

- 15 **Undernimmerssin:** De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

20 **Solidariteit:** De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.

Duorsumens: De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfertarre siket de FNP nei ekonomyske bestearsfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

1. It Wetterskipsbestjoer

1.1 Gearwurkje foar alle ynwenners fan Fryslân

De kearntaken fan it Wetterskip binne de útfiering fan it belied op it mêd fan wetterkwantiteit (de wetterhúshâlding), de wetterkwaliteit (ynklusyf de rioelwettersuvering) en de feiligens (de see- en Iselmardiken, iggen en kaaien). De Provinsje Fryslân stelt it *wetterbelied* fêst, en hat ek oare taken lykas ferkear en ferfier, , natuerbelied, lânbou en de rezjy oangeande romtelik en ekonomysk belied dy't in soad mei de taken fan it Wetterskip te krijen hawwe.

Wy fine dêrom dat der in bettere taakferdieling tusken de Provinsje, it Wetterskipsbestjoer en de gemeenten komme moat. Utgongspunt dêrby binne de hjir boppe neamde kearntaken. Op dit stuit is it al sa dat Provinsjale Steaten fia it Wetterhúshâldingsplan – aanst it Provinsjaal OmjouwingsPlan – it belied en de funksjes fan de gebieten fêststelle, en it Wetterskip de byhearende wetterhúshâlding realisearret. Wetterskip Fryslân kin wat belied en bestjoer wat de FNP oangiet dêrom noch hieltyd it bêste ûnder de provinsje komme. Dat befoarderet in yntegrale wurkwize en leveret in heger maatskiplik rendemint op.

Mar foarearst hat Den Haach besletten dat de wetterskippen bestean bliuwe. Sa lang moat it wetterskip Fryslân bestean bliuwe en net opskale yn oare, gruttere (Noardlike) ferbannen. De grutte fan Wetterskip Fryslân, dat de 'ingelanden' fan ús hiele provinsje en in part fan it Westerkwartier fan Grinslân betsjinnet, past wat de FNP oangiet prima by de skaal fan de Provinsje Fryslân.

It Wetterskip heart as tsjinstferlienende organisaasje ticht by de boarger te stean, goed berikber en leechdromplich. De FNP wol dat it Wetterskip syn wurk yn de takomst mear docht yn gearspraak mei de belanghawwende boargers, boeren en bedriuwen en minder fan boppe-ôf. As oerheidsynstelling yn Fryslân heart dêr ek in fanselsprekkend plak foar it Frysk by. It Wetterskip falt as bestjoersorgaan ûnder de rjochten en plichten fan de nije Wet Gebrûk Fryske Taal. By in goede tsjinstferliening heart ek in flutte behandeling fan fergunning oanfragen. Dêrta is it Wetterskip mei de oare oerheden ek dielnimmer yn de Fryske Utfieringstsjinst Miljeu en Omjouwing (FUMO).

Aksjepunten:

- a. *Goede gearwurking mei oare oerheden, bedriuwen en ynstânsjes yn stee fan opskaling fan it Wetterskip yn Noard-Nederlânsk ferbân.*
- 5 b. *Befoarderjen fan in yntegrale wurkwize yn de gearwurking mei de oare oerheden, de boargers, boeren en de bedriuwen.*
- c. *Befoarderjen fan in wurkwize yn gearspraak mei de mienskip en minder fan boppe-ôf*
- 10 d. *It opstellen en útfieren fan in eigen Frysk taalbelied – en feroardering yn it ramt fan de nije Wet Gebrûk Fryske Taal*

2. De finânsjes

2.1 Maatskiplike kosten

5 Klimaatferoaring, mear rivierwetter, seespegelrizing en boaiemdelgong binne troch ús net te kearen. In garânsje fan droege fuotten is boppedat in kearntaak fan de oerheid. It is dêrom net realistysk om yn ús wiete lân legere wetterskiplêsten yn de takomst foar te spegeljen. De kosten fan it wetterbehear en de feiligens fan de wetterkearingen nimme yn de takomst earder ta as dat se ôfnimme. It yntegraal wurkjen mei oare maatskiplike doelen fan it Provinsjaal en gemeentlik belied lykas natuer, rekreaasje, miljeu, wenjen en lânbou is winsklik; dat liedt soms ta legere kosten mar net altyd. De FNP stiet wol foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. Wy wolle mei sa leech mooglike maatskiplike kosten de wettertaken sa effektyf en doelmjittich mooglik útfiere.

2.2 Goedkeapere alternativen foar djoere gemalen

15 In mega-gemaal op Lauwerseach is in te djoere maatregel dy't foarearst net nedich is en ek gjin oplossing biedt foar problemen mei de lokale wetterhúshâlding sa as yn Noardwest-Fryslân. De FNP wol sykje nei betelbere alternativen foar de útwettering. Troch kombinaasje mei lokale opfangpolders, yntegraasje mei wiete natuer en tydlik fêsthâlden fan wetter yn de polders by't winter kin ek jild besparre wurde. Sa krije wy tagelyk it winske robústere wettersysteem dat lokale piken better opfange kin en minder fan gemaaltechnyk allinnich ôfhinklik is.

2.3 Solidêr meibetelje oan droege fuotten

25 Droege fuotten is in nasjonaal feiligheidsbelang, de oare provinsjes moatte dêroan solidêr meibetelje. De FNP wol fia de Uny fan Wetterskippen de finger oan de pols hâlde dat Fryslân as plattelânsprovinsje en mei relatyf minder ynwenners net in ûnevenredich hege eigen bydrage betelje moat fergelike mei de Rânestêd. Sa nedich moat dêrta aksje ûndernommen wurde troch it Deistich Bestjoer yn gearwurking mei oare regio's.

2.4 Finansjele problemen net in oar foar opdraaie litte

30 De FNP giet foar it belied en it tadielen fan kosten by wetterkwaliteit en – kwantiteit wêr mooglik út fan it prinsipe 'de fersmoarger betellet'.

Dat der yn de ruilferkavelingen yn it ferline gemalen boud binne, dêr't nei de tiid net op ôfskreaun is om te sparjen foar ferfanging yn de takomst is yn it foarste plak in finansjeel-technysk probleem fan it Wetterskip. Dat mei yn de fisy fan de FNP net op kosten gean fan de

mienskip troch gruttere peilfakken wêryn't de belangen fan rekreaasje, natuer, kultuerhistoarje en lânskip wer ûnderstek dien wurde.

5 As de algemiene ynflaasjekorreksje net genôch is om de sterke stiging fan de kosten foar it wetterbehear te dekken, is de FNP ree om dit yn it Algemien Bestjoer oan te kaarten. It kin ek net sa wêze dat de hegere kosten yn it belang fan inkelen folslein op rekkening komme fan alle belestingbetellers. De FNP wol dêrta ûndersykje litte oft it mooglik is om in ekstra systeemheffing nei rato yn te stellen foar lânbrûkers dy't trochgean wolle mei in leger wetterpeil yn gebieten dy't troch Provinsjale Steaten oanwiisd binne of wurde as gebiet dêr't it wetterpeil omheech moat.

10

2.5 Duorsum ûndernimme mei wetter

15 Us wetter is in weardefol goed dêr't Fryslân as typyske wetterprovinsje duorsum mei ûndernimme kin. Tink oan rekreaasje en wettertoerisme, mar ek Ljouwert as haadstêd fan wettertechnology mei Wetsus, oan de opwekking fan elektrisiteit troch Blue enerzjy troch it potinsjaalferskil tusken swiet en sâlt wetter op de Ofslútdyk, en it ferskil tusken eb en floed. It Wetterskip is sels ek in grutte wurkjouwer yn Fryslân. De FNP wol dat it Wetterskip syn kennis en kunde yn gearwurking mei de oare wetteryntânsjes yn Fryslân fierder ûntwikkelet en tapast. It stoomgemaal Wouda op'e Lemmer is as wrâlderfgoed in rekreative, toeristyske en edukative 20 attraksje fan wrâldformaat. De FNP wol graach dat it Woudagemaal yn de fakânsjeperioden bliuwend iepen steld wurdt en syn multifunksjonele karakter as lokaasje foar eveneminten, kongressen ensafuorthinne fersterket. Op dizze wize kinne smiten folk yn'e kunde komme mei it wetterbehear yn ús wurkgebiet. Mei al dizze saken leveret it Wetterskip ek in eigen bydrage oan de Fryske ekonomy en it fersterkjen fan de struktuer dêrfan.

25 2.6 Drinkwetter as earste libbensbehoefte

De Provinsje is grut-oandielhâlder fan drinkwetterbedriuw Vitens. Dy oandienen wolle wy graach oanhâlde, net allinnich fanwege it finansjele resultaat, mar benammen om't de drinkwetterfoarsjenning as publike kearntaak neffens ús yn publike hannen heart. Ut dy publike 30 taak wei wolle wy op'e nij besjen oft de laboratoaria en oare aktiviteiten fan Vitens en it Wetterskip yn Ljouwert dochs net kombinearre wurde kinne.

Aksjepunten:

- a. *Betelbere alternativen sykje foar de útwettering mei grutte gemalen*
- b. *Finansjele problemen mei de ôfskriuwing fan ruilferkavelingsgemalen net op kosten fan de hiele Fryske mienskip*
- c. *Undersyk nei de mooglikheid fan in ekstra systeemheffing yn guon gebieten*
- d. *Unevenredige bydrage oan Fryske seediken lanlik op it aljemint bringe*
- e. *Wetterskip moat trochgean mei gearwurking Wetsus en oare ynstânsjes om de Fryske wettersektor ekonomysk te fersterkjen*
- f. *It Woudagemaal bliuwend iepen yn de fakânsjeperioden en as oansprekkende multifunksjonele akkomodaasje*
- g. *Wetter publike kearntaak yn gearwurking mei Vitens*

3. Kwantiteit: de wetterhúshâlding

3.1 Maatwurk yn stee fan skaalfergrutting

Klimaatferoarings, mear rivierwetter en ûnomkearbere boaiemdelgong yn Fryslân binne redenen om it wetterbehear kritysk te besjen. Ek de winsk fan de FNP om it wetterbehear yntegraal te besjen mei oare maatskiplike belangen jout dêr reden ta. Neffens ús is de trend hieltyd mear nei maatwurk ek yn it peilbehear, om al dizze belangen har gerak te jaan. De FNP is dêrom gjin foarstanner fan de tsjinstelde beweging, nammentlik hieltyd mear skaalfergrutting en unifoarmiteit. Us stribjen is dat de boeren yn Fryslân ek yn de takomst noch goed buorkje kinne, en tagelyk yn de wetterhúshâlding mear rjocht te dwaan oan de oare maatskiplike belangen dy't der binne.

3.2 Mear romte foar wetter yn de polders en de boezem

In grut en djoer gemaal op Lauwerseach is foarearst net nedich, mar de FNP wol dat der al nei (goedkeapere) alternativen foar de útwettering sjoen wurdt. It Woudagemaal bliuwt in wolkomme oanfolling op de spuikapasiteit yn tiden fan slim heech wetter. Binnendyks binne hegere boezem-wetterkearings allinnich net foldwaande. Om genôch wetter fêst te hâlden moat der mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde. It rûnom automatysk oanslaan fan gemalen rjochte op in leech polderpeil yn de winter moat dêrta op'e nij besjoen wurde. Hjirmei kin jild besparre wurde en ekstra kapasiteit op de boezem frijhâlden wurde.

De FNP bliuwt in foarstanner fan it oanlizzen fan bergingspolders dy't by in soad rein lokaal it wetter tydlik opfange kinne. Yn slim wiete perioaden kin dit ek de boezem ûntlêste. Faak is in kombinaasje mei in natuerfunksje mooglik. Yn droege simmers moat der genôch swiet wetter foar de lân- en túnbou beskikber wêze. Ek moat de grûnwetterstân op peil bliuwe yn de feangreide en yn de natuergebieten. Om dy natuergebieten hinne, dy't tsjintwurdich relatyf heech lizze (bygelyks De Alde Feanen), moatte wy noch mear as no it gefal is, mei buffersônes wurkje. Dêr kin mei in heger wetterpeil en in agrarysk natuer-en lânskipsbehear de ferdroeging tsjingien wurde. De boeren krije foar dizze 'griene en blauwe maatskiplike tsjinsten' in fergoeding fan de oerheid.

3.3 Kwaliteit boppe gruttere peilfakken

3.3.1 De plannen mei de Fryske greidhoeke

De FNP stiet foar yntegrale oanpak fan it wetterbehear mei oare belangen lykas natuer, kultuerhistoarje, enerzjy, ekonomy en rekreaasje. Fanwege de yntegrale ôfwaging fan belangen

kin der dêrom ek gjin praat wêze om fan de Fryske Greidhoeke ien grut peilfak te meitsjen, âlde slinken rjocht te lûken en alle opfearten ôf te damjen.

3.3.2 Oare yntegrale projekten: Holwert oan See en Ofslútdyk

5 It projekt Holwert oan See is yn it ramt fan yntegraal belied in prachtige kâns foar Noardeast-Fryslân dat de FNP graach realisearje wol. In kombinaasje fan wetterbehear, natuer, rekreaasje en kultuerhistoarje. Lyksa soe der in yntegraal plan foar de Ofslútdyk komme moatte mei dyselde aspekten ynklusyf enerzjy-opwekking.

3.4 Ofstimming behear op de rekreaasje

10 De FNP freget yn froastperioden goede ôfspraken fan it Wetterskip mei de Provinsje, dat meallen gjin skea dwaan mei oan in goede en feilige iisflie. It Wetterskip moat stean foar de útfiering fan it 'draaiboek iiswille'.

15 De FNP wol in yntegrale beliedsfisy foar it behear en gebrûk fan berops- en rekreaasjefarwegen yn Fryslân, benammen yn situaasjes dêr't berops- en rekreaasjefeart elkoar treffe. Dêr't it Wetterskip ferantwurdlik is foar (lyts) rekreatyf farwetter, moat it ûnderhâld optimaal ôfstimd wurde op de funksje fan dat wetter. Dat betsjut net allinnich hekkelje foar de ôfwettering, mar ek befarber hâlde foar de boatsjes. De Provinsje, de gemeenten en de ûndernimmers hawwe ommers net foar neat ynvestearre yn sloepenrûtes, lokale oanlisplakken en doarpsfearten.

20 **Aksjepunten:**

- a. *Maatwurk yn stee fan skaalfargerutting yn de wetterhúshâlding*
- b. *Romte foar wetter yn de polders by't winter*
- c. *Buffersônes om (natuer) gebieten hinne dy't ferdroegje*
- d. *Gjin unifoarm peilfak yn de Fryske greidhoeke*
- 25 e. *Kom mei in yntegraal plan foar de Ofslútdyk*
- f. *Rekking hâlde mei lytse rekreaasjefeart by it behear*
- g. *Utfiering fan it 'draaiboek iiswille' foar goed en feilich reedridersiis*

4. Feiligens: droege fuotten

4.1 Net ien yn Fryslân der kwa feiligens op efterút

Wy wolle dat de provinsje der foar soarget dat de ôfspraken út it lanlike Deltaprogramma oer de feiligens fan de seediken neikommen wurde.

- 5 Op tal fan plakken by de Fryske waadkust del foldogge de seediken net mear oan de feilichheidseasken. It liket derop dat in tin befolke gebiet, in lytser ekonomysk belang en de hege kosten hjirmei te krijen hawwe. Lykwols der is oan Fryslân tasein dat net ien der hjir kwa feiligens op efterút gean soe. De FNP is fan betinken dat it opknappen fan de seediken net langer útsteld wurde mei. Droege fuotten is in nasjonaal feiligheidsbelang, de oare provinsjes moatte dêroan solidêr meibetelje.

De seediken wurde wat de FNP oangiet net binnendyks ferbrede mar bûtendyks fanwege it romtebeslach oan de binnenkant. Dêr't dat mooglik is wurdt ek gebrûk makke fan de kwelder as buffer om de golven te brekken. De provinsje moat der yn oerlis mei Ryk nei stribje om ynnovative ferbetteringsmetoaden nei Fryslân ta te heljen. Lykas it oanlizzen fan nije kwelders yn stee fan allinnich asfaltdiken ('bouwe mei de natuer').

4.2 Gjin ûnnedige peilferheging fan de Iselmar

De FNP striidt tsjin ûnnedige peilferheging fan de Iselmar. Dat soe grutte gefolgen hawwe net allinnich foar kostbere ekstra opheging fan de Fryske Iselmardiken mar ek foar djoere maatregels oan havens, pieren, natuer- en rekreaasjegebieten lâns de Fryske Iselmarkust. Lyksa wolle wy graach it kultuerhistoarysk weardefolle oansicht fan de doarpen en stêden oan de Iselmarkust hjirmei beskermje.

Aksjepunten:

- 25
- a. *Lanlike ôfspraken neikomme: net ien yn Fryslân mei der kwa feiligens op efterút gean.*
 - b. *Seediken bûtendyks ferbreedzje en gebrûk meitsje fan kwelders*
 - c. *Gjin ûnnedige ferheging peil Iselmar*

5. Kwaliteit: sûn wetter, natuer en lânbou

5.1 Duorsum wetterbehear: gearwurkje

Duorsum behear betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te'n koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem net skeind wurde meie. Dat jildt ek foar 5 ús grûn- en oerflaktewetter. De FNP wol dat belied en projekten op dit mêd mei draachflak fan ûnderen op, yn gearspraak mei boeren (kollektiven), boargers en bedriuwen opset wurde, yn stee fan boppe ôf troch de oerheid allinnich. De FNP is in foarstanner fan it breed bondeljen fan kennis, kunde en krêften fan Wetterskip, provinsje, bedriuwen en gemeenten, yn stee fan dat elk syn eigen gong giet.

10

5.2 It djippe grûnwetter en de boaiemdelgong

De FNP is tsjin gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning en opslach fan gemysk- of radio-aktyf ôffal yn de Fryske boaiem. It risiko fan net foarsjoene ûnomkearbere fersmoarging fan it djippe grûn- en drinkwetter is dêrfoar te grut.

15 De boaiemdelgong troch gas- en sâltwinning hat yn Noardwest- en Noardeast-Fryslân al foar miljoenen skea oan it wettersysteem feroarsake. De fersilting fan it grûnwetter oan de Waadkust, skealik foar de lânbou yn it gebiet, giet ek troch. It lân sakket, de kaden moatte hieltyd ophege wurde en der moatte djoere gemalen en wetterbergingen oanlein wurde. It Wetterskip hat de skea fergoede krigen fan de NAM en Frisia Zout, mar de delgong is 20 ûnomkearber. De FNP wol dêrom dat it Wetterskip alle war docht tsjin nije winning fan gas en sâlt.

5.3 Miljeukwaliteit mei kringloop

De FNP wol der op ta dat minder skealike stoffen út dong, bestridingsmiddels en medisinen yn 25 it wetter bedarje. Wy wolle maatregels tsjin útspieling fan mineralen yn wetter en boaiem, en lyksa de oergong nei biologyske of sletten kringloop bedriuwsfiering yn de lânbou om de wetterkwaliteit te ferbetterjen. It oanplantsjen fan reidseamen kin dit doel ek befoarderje; wy wolle dat it Wetterskip, de Provinsje en de gemeenten safolle mooglik hjirfan mei-inoar realisearje op it stuit dat wâlskanten oan ûnderhâld ta binne.

30

5.4 Rioelwetter skiede

Wy wolle yn oerlis mei de gemeenten ta op it sa gau mooglik sanearjen fan de noch oerbleaune rioeloerstoarten dy't op it iepen wetter útkomme. De ôffier fan reinwetter troch skieden

wettersystemen moat aktyf befoardere wurde. De FNP wol de ‘ferstiening’ fan de beboude kommen tsjingingean, wêrby troch it betegeljen fan tunen, asfaltearring en bestraten hieltyd minder romte foar it wetter oerbliuwt om op natuerlike wize yn de grûn te sakjen. It Wetterskip moat dêrta gearwurkje mei de gemeenten en de Provinsje yn projekten dy’t dit doel befoarderje.

5.5 Natuer en lânskip kearnkwaliteit

Foar ús binne de Fryske natuer en lânskip yn syn hiele hear en fear in kearnkwaliteit fan Fryslân en foar ús mienskip. Dat moatte wy bewarje en dêr meie wy fan genietsje en profitearje. De provinsje is de regisseur as it giet om it lanlik gebiet. Gauris wurdt de natuer as in kostenpost sjoen, mar dat is neffens ús net sa. De natuer smyt krekt in protte op. Dêrom, ús natuer is ús griene goud dêr’t wy soarchfâldich mei om gean moatte. It wetter is dêr in yntegraal ûnderdiel fan en dêrom hat it Wetterskip ek in ferantwurdlikheid foar de Fryske natuer.

5.6 Ekologyske Haadstruktuer dien meitsje

De lytsere Ekologyske Haadstruktuer (EHS) sa’t dy mei it Ryk ôfptraat is moat yn 2027 realisearre wêze. In soad dêrfan is saneamde wiete natuer en hast altyd is it Wetterskip der by belutsen om’t de wetterhúshâlding fan dy gebieten ferbettere wurde moat. De ynrjochting moat dan wol in goed behear yn de takomst mooglik meitsje. It behâld en fersterkjen fan it bioferskaat is dêrby it útgongspunt. De FNP wol dat it wetterbehear hjir op ynrjochte wurdt.

De FNP wol dat it behear fan de natuer wêr’t dat kin safolle as mooglik troch partikulieren en boeren sels dien wurdt. De FNP is in foarstanner om dêrby ‘fan ûnderen op’ te wurkjen fia gebietskollektiven of koöperaasjes. Dit sil syn wjerslach ek krije moatte yn de gearwurking mei it Wetterskip.

25

5.7 Fryslân greidefûgellân

It greidefûgelbelied is foar ús as FNP tige wichtich. It fêststelde wetterbelied moat liede ta it behâld en it fuortsterkjen fan de populaasjes. As dat net sa is, dan sille wy hjir ekstra stipe oan jaan. It boargerinisjatyf Kening fan de Greide, mar ek de BFVW spylje hjirby útsoarte in rol as it giet om behâld fan maatskiplik draachflak foar us greidefûgels. Ek gebietskollektiven mei inisjativen ‘fan ûnderen op’ lykas by de Skriezekrite Idzegea drage wy in waarm hert ta. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak. Wy freegje fan it Wetterskip dat hjir yn it deistige wurk goed rekken mei hâlden wurdt.

5.8 Feangreide en maatskiplike kosten

It is wol dúdlik dat djipsteûntwettering en oare yntinsivearring fan it greidebehear, mei oarsaak binne fan de boaiemdelgong. Dêrom moat, miskien ynearsten foaral yn it feangreidegebiet, it grûnwetter nei in heger peil werom brocht wurde. Sjoen de ferskillende grûnslaggen yn it feangreidegebiet easket dit maatwurk. De maatregels moatte út it prinsipe fan 'no regret' wei opset wurde. Dat wol sizze dat men trochbuorkje kin, mar dat in oare funksje fan it gebiet yn de takomst net ûnmooglik makke wurdt.

De konsekwinsje is dan wol dat de feehâlderij him oanpast yn dy gebieten. Ekonomy, rekreaasje en natuer moatte sa better yn lykwicht komme. Foar de maatskiplike kosten fan dy 'griene en blauwe' tsjinsten yn it algemien belang krije de boeren dan ek in fergoeding. De FNP wol dat de boargers op'e tiid belutsen wurde by it nije belied en maatregels yn it feangreidegebiet.

De maatskiplike kosten fan it buorkjen yn de Lege Midden binne hast net mear op te bringen. De skea troch boaiemdelgong en djipsteûntwettering is ûnomkearber. Wy moatte ús realisearje dat de ekstra oksidaasje fan de feangrûn troch in (te) leech wetterpeil jierliks like folle CO₂ yn de lucht jaget as alle auto's yn Fryslân byinoar.

Yn de djipste polders moat dêrom mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. In dynamysk peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen oan de rân fan de natuergebieten leit ek foar de hân. De FNP wol jild frijmeitsje foar eksperiminten en skeaherstel. Dêr't de Provinsje en it Wetterskip moreel (mei) ferantwurdlik binne foar skea troch boaiemdelgong en pealrot as gefolch fan djipsteûntwettering moatte der better wurkjende maatregels foar komme as de hjoeddeistige. Tink oan de djoere en mar matich funksjonearjende heechwettersirkwy's om de wenhuzen hinne en oan it skeafûns foar pealrot fan de Provinsje, dêr't oant no ta hast gjin gebrûk fan makke is.

Ek de gemeentelike wegen, rioelen en oare ynfrastuktuer yn de feangebieten fersakje allegeduerigen. Lyksa de foarsjenningen en gebouwen yn de rekreative sektor en oare bedriuwen. En dan hawwe wy it noch net iens oer de gemalen, kaden en ynfrastuktuer fan it Wetterskip sels. De FNP wol al dizze kosten foar de maatskippij, partikulieren en bedriuwen yntegraal yn byld hawwe om goede besluten nimme te kinnen.

30 5.9 Stipe foar de (sport) fiskerij

Yn de Fryske fiskerij hawwe wy de beroepsfiskers op it Waad en de Noardsee, de Iselmarfiskers, de binnenfiskers en de sportfiskers. Foar alle fiskerij aktiviteiten jildt dat dizze duorsum wêze moatte. De FNP wol dat it Wetterskip syn belied en aktiviteiten ek ôfstimt op dit belang.

De sportfiskers binne in rekreatyf-toeristyske mar ek ekonomyske faktor fan belang yn Fryslân en fertsjinje beliedsmjittige en praktyske stipe fan de Provinsje en it Wetterskip. De besteande gearwurking wolle wy dêrta trochsette.

5 Wy wolle besjen oft de muskusrottefangers fan it Wetterskip breder ynset wurde kinne foar taken by it natuerbehear yn Fryslân, bygelyks by it tsjingeane fan de streuperij op it wetter.

De FNP wol trochgean mei it ynvestearjen yn fiskfreonlike gemalen en fiskfreonlike ferbiningen tusken polders en boezem. De fiskmigraasjerivier yn de Ofslutdyk wol de FNP realisearje om't dêrmei it ekologysk lykwicht tusken Iselmar en Waadsee foar in part werom brocht wurde kin.

10 **Aksjepunten:**

- a. *Gjin gegriem mei CO2 opslach, skalygaswinning of radio-aktyf ôffal yn Fryske grûn, dat jout tefolle risiko's foar ús grûn- en drinkwetter*
- b. *Miljeukwaliteit wetter ferbetterje troch minder útspielen skealike stoffen*
- c. *Mear romte foar wetter troch minder asfalt en beton yn de beboude kommen*
- 15 d. *Lytsere Ekologyske Haastruktuer yn Fryslân dien meitsje*
- e. *Stimulearje ek as Wetterskip it wurkjen 'fan ûnderen op' mei gebietskollektiven*
- f. *In greidefûgelfreonlik wetterbehear troch it Wetterskip*
- g. *In yngreven diskusje oer de maatskiplike kosten fan it yntinsyf buorkjen en de djipûntwettering yn de feangreidegebieten*
- 20 h. *Yn de feangreidegebieten moat mear romte komme foar wetterberging en wiete natuer.*
- i. *Ekstinsiver buorkje mei blauwe en griene tsjinsten yn ruil foar in ridlike fergoeding*
- j. *In better wurkjend skeafûns foar pealrot as it besteande*
- k. *Bredere ynset fan de muskusrottefangers: bestriding fan de streuperij op it wetter*
- l. *Besteande stipe fan Provinsje en Wetterskip oan de (sport) fiskers trochsette*

25

